

Preek oer Lukas 10, 38 – 24

Fotum en groetnis
Ps.122
Beriming fan 'e tsien wurden op de meldij fan Lied 117 (teheakke)
L Lukas 10, 28 – 32
Liet 203:1,2
L Joh.11:1-7, 17-44
Preek oer Lukas 10,38-42 (punt 1)
Ps.30
Preek oer Lukas 10,38-42 (punt 2)
Liet 221
Tanksizzing en foarbea
Gesang 99
Liet 456:1,2
Segen
Lied 456:3

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus,

Lit my út ein sette mei in persoanlik oantinken. It is al wer in hiel tal jierren ferlyn, dat ik mei ien fan ús jonges (de jongste, as it my goed heucht) op 5 Maaimoanne de stêd yngong om it feest fan de befrijing mei te fieren. It wie yn Enschede, yn de begjinjierren fan ús tahâld dêr. Dat sil no sa likernôch 15 jier ferlyn west hawwe, en ús jongste, Lieven, wie doe fiif jier âld. Ik naam him mei de stêd yn om nei in kolonne fan allegear âld legerreau te sjen, in optocht fan *tanks* en *jeeps* en neam mar op. It soe in geweldige *show* wurde yn it ramt fan de betinking fan de befrijing.

Wy wienen, dat bart mei ús wol gauris, de lette kant neist. De *show* wie al útein set, en de minsken stienen rigen tsjûk by de dyk lâns. Sels hie ik dan wol in goed sicht. Ik seach wol oer de minsken hinne, mar ús jongste seach allinne mar skonken foar him, en op dy wize seach er winliken neat fan de optocht. Jawis, wat docht men as heit dan ? Fansels, men pakt it bern op en set it op it skouder. En doe hie hy dêr fan boppen ôf it moaiste sicht fan de wrâld. Hy koe alles sjen. En hy rôp dan ek út, wakker út 'e skroeven : fantastysk, no kin ik alles sjen.

Bart soks no ek net yn ús tekst ? Maria en Martha binne tige drôf oer it ferstjerren fan harren broer Lazarus. Fan Maria lêze wy, dat se gûlt fan fertriet. En ek fan Jezus lêze wy letter dat Hy gûlt. Dat is opmoediging, treast, as minsken meigûle. En wis fan Jezus. Dat is solidariteit yn fertriet, meigûle docht goed. Mar as it dêrby bliuwt ? Is der net mear treast, opmoediging, útsjoch foar Maria en Martha yn harren djippe fertriet ?

Dan komt Jezus. Dochs komt Jezus. Men hie him al net mear ferwachte. Hy sleauket ommers mar wat en wachtet sels oant Lazarus, waans krupsje Him berjochte wie, al ferstoarn is. Dochs komt Er. En dan nimt Er Maria en Martha, om samar te sizzen op de skouders en jout se útsjoch. Utsjoch op Himsels, de Libbene. Wat in útsjoch : Maria, Martha, Ik bin de Opstanning en it Libben; wa't yn My leaut, dy libbet ek al is hy ferstoarn, sa as jimme broer Lazarus. Sa krije de beide susters treast, opmoediging, útsjoch, op de skouders fan Jezus.

En hoe is dan de reäksje fan de beide susters ? Hoe reägearje hja op dit útsjoch ? As ús jongste fan niiskrektsa ? Jawis ! Maria en Martha, se reägearje beide op Jezus, de Opstanning en it Libben, en beide op eigen wize, alhiel ûngelyk, mar dochs roppe hja út, om it samar te sizzen : wat in útsjoch jout Jezus ús.

De reäksje op Jezus, de Opstanning en it Libben : Wat in útsjoch !

Wy sjogge de reäksje fan :

1. Martha, dy't de opstanning beliedt (de belider);
2. Maria, dy't de opstanning docht (de dwaner).

Martha de belider

Martha de belider ? Kinne jo Martha sa ? Ik tink fan net. Wy kenne Martha earder as de dwaner. Wy liezen Lukas 10. En dat ferhaal is ús tige bekend. Fanwegen dy skiednis hawwe wy gauris in etiket op Maria en Martha plakt. Op Maria it etiket fan de learling fan it leauwe, de tinker, de belider; hja sit oan Jezus Syn fuotten, en harket nei Syn wurden. Op Martha plakke wy it etiket fan de tsjinner, de dwaner : hja tsjinnet en makket har drok mei it rissen en riuwen yn 'e hûs. Dus : de harkjende Maria, de tsjinjende Martha. Fan dy lêste hawwe wy sels in steande útdrukking makke. As in suster yn de mienskip har sterk ynset en in protte willewurk docht, dan sizze wy : dat is echt in tsjinjende Martha.

Lêze wy no Johannes, dan falt de totaal oare rolferdieling by de beide susters op, dan wy wend binne. Sels krekt oars om. Dat docht wol bliken, hoe hoeden wy wêze moatte mei it plakken fan etiketten op minsken, wis op

leden fan de gemeente. Martha is yn it foarste plak de harkjende en de sprekkende frou, de tinker en de belider. Maria is krekt de dwaner.

Alderearst jouwe wy no acht op Martha. Yn fers 27 klinkt har belidenis fan it leauwe : ik leau dat Jo de Messias binne, de Soan fan God, Dy't nei de wrâld komme soe. Wat in machtige belidenis. En wat seit Martha no eins mei har belidenis ? Se seit, om it samar te sizzen : Jezus, as der no Ien is dy't ús beiden op it skouder nimme kin en útsjoch jaan kin, fan út it fertriet oer de dea hinne, dan binne Jo it wol. Wêrom ? Wol, Jo binne God en sa hawwe Jo, as de troch de Heit salve en Stjoerde, de Messias, de macht oer libben en dea. Ommers, allinne God kin Him de Opstanning en it Libben neame. En sa kinne Jo ús werklik perspektyf jaan, ús ten djipste treast jaan yn ús fertriet oer it fersterren fan ús leave broer hinne.

Dat is machtich Evangeelje. Mar der is mear. En dat sit ek yn har belidenis. Want jo kinne dan wol troch Kristus as de Messias, dy't troch God stjoerd is, omheech tild wurde, boppe it fertriet en de ellinde út, boppe de misère fan hjoed – de – dei út, is dat lykwols net mar eefkes ? Want as men dan dêrnei wer mei beide skonken op 'e grûn setten wurdt, wer tebek yn jin fertriet en jin pine, wat dan ? Sakje jo dan net ûnûntkomber tebek yn de skuorsek en de tsjusternis fan it fertriet ? Hawwe net – Kristenen dan faaks dochs gelyk wannear't men seit : troch it leauwe lit men jin allinne mar tydlik ferdôvje ? Leauwe, dat is eat dat jin tydlik opfleuret, mar dat jin eefkes letter fannijs bikkelhurd sitte lit ? Op de skouders fan God sjocht men dan faaks wol eefkes yn it hjirneimels, mar helpt Hy jin ek fierder yn it hjirnomels ? Dan komt lykwols it ferfolch fan Martha har belidenis; Dy't nei de wrâld komme soe. Wis, Hy is kommen nei dizze wrâld, Jezus Kristus, de Opstanning en it Libben. De Soan fan God, ja God sels, is midden yn dizze wrâld stean gien. Midden yn it fertriet, it lijen, de tsjusternis. En Hy makket it mei, Hy nimt it op Him. Al ús krupsjes hat er op Him naam, al ús fertriet droegen. En dêrom kin Er as in barmhertich hegepreester ús helpe. Sa jout Er útsjoch, net allinne foar no mar foar altiten. Net mar foar eefkes mar foar ivich.

Ferlikenje it mar wer mei heit en soan út de ynliding, my en de jongste soan. Dêr stie hy dan, hy seach neat tusken al dy skonken troch. No soest as heit sizze kinne : no jonkje, besykje dochs mar, en sjoch tusken dy skonken troch, of wring dy mar nei foarren. Mar jo helpe him der net by. Of jo sizze : kom mar, en sit op it skouder, dan kinsto it better sjen. Mar jo pakke him net op en set him op it skouder, en sels kin it jonkje net op it skouder klimme. Dat is dochs gjin heit, dy't sa reägearret ? Nee, as heit bûgd men jin earst nei it bern dêr tusken dy skonken, dy it útsjoch beheine. En men merkbytsels hoe beroerd dat is neat sjen te kinnen. Dan tille jo him mei in swaai de hichte yn en jo jouwe him sa útsjoch. Mar earst bûgd in heit him dus del nei syn bern. Dat no hat God dien. Yn Jezus Kristus Him nei ús delbûgd minsken ferlern yn sûnde en skuld. Him delbûgd as Heit nei ús, syn bern. Middenmank ús fertriet, yn ús ellinde is Er kaam. En Hy hat it Him allegearre oanlutsen. Hy hat ûnderfûn de tsjusternis fan pine en fertriet, hel en dea. En dan lûkt er ús yn de hichte en jout Er ús útsjoch. Hy ken de tsjusternis, en Hy bringt ta it Ljocht. Dat is noch ris in God, dat is noch ris in Heit. Beliïd dan hjoed mei Martha op Jezus Syn fraach : leauwe jo yn My ? Beliïd : Jo binne de Messias, jo binne myn Ferlosser. Jo binne foar my, foar myn ferlossing yn dizze wrâld kaam. Yn Jo leau ik. Jo erken ik as de Opstanning en it Libben. Hear, nim my dan altiten wer op it skouder. En jou my it leauwe. Jou my hâldfêst. Jou my perspektyf. Jou my útsjoch. Wat in útsjoch. Halleluja. Lof oan de Hear. Lit ús dêr fan sjonge. De Hear loovje en priizgje mei Psalm 30 :

*No set myn lied Jo namme heech !
Jo hellen my wer út it leech.*

...

De reäksje op Jezus, de Opstanning en it Libben : wat in útsjoch !

Wy sjogge no de reäksje fan Maria, dy't de opstanning docht. Maria de dwaner. Dêr moatte wy dochs wol eefkes oan wenne. Maria de dwaner. It is ommers Maria dy't, sa liezen wy út Lukas, delsit en harket. En it is Maria dy't har suster mar drave lit en gjin hân útstekt en help har suster mei betsjinjen. En wis, Jezus seit dan wol dat Maria it goede keazen hat. Mar dochs : Jout Maria ús somtiden, sûnder erch, gjin argewaasje, dy't mar sit en har net ferweegt ? Maria de dwaner, no grif net !

Mar yn ús haadstik wurdt dat byld al direkt oars. Yn fers 2 al. It giet hjir, sa lêze jo dêr, oer dy Maria dy't Jezus mei oalje salve hat, en syn fuotten mei har hier ôfdroegje hat. Dat bart letter, by in miel ta eare fan de opstiene Lazarus. Jo lêze dêrfan yn Lukas 12. Hjir wurdt yn de beskriuwing troch Johannes fan dizze skiednis en de opstanning fan Lazarus dêr al op foarút grepen. Troch dizze opmerking moat ús klisjee – byld fan Maria al feroarje. Want hjir docht bliken : Maria harket net allinne, mar hja docht, hja hannellet. Hja sit net allinne oan 'e fuotten fan Jezus, mar hja salvet letter dy fuotten ek noch ris mei kostbre oalje en droeget se dan ôf mei har hier. Maria, dêr al de dwaner. En dat se in dwaner is, docht no ek út ús tekst bliken. Want as Martha werom komt fan har moeting mei Jezus en fan har belidenis fan Him as de Opstanning en it Libben, dan seit hja tsjin Maria, dy't thús bleaun is, de Master is der en Hy ropt dy. Fia Martha nimt Jezus sa Maria, om it samar te sizzen, op de

skouders en tilt har út boppe har fertriet oer it ferstjerren fan har broer, en jout har útsjoch op Him. En wat docht Maria dan ? Bliuwt hja sitten ? Nee, se giet oerein, hastich rint hja fuort (fers 31) en hja draaft Jezus yn 'e mjitte. En as hja Him dan sjocht, fljocht hja op Him ôf, en falt foar syn fuotten del.

Dêr sjogge jo de reäksje fan Maria de dwaner op Jezus, de Opstanning en it Libben. Alles hanneling, alles belidenis mei hannen, fuotten, ja, mei har hiele lichem. En wis, hja seit noch wol eat. Hja seit : Hear, as Jo hjir west hienen, dan soe ús broer net ferstoarn wêze (fers 32). It is in letterlike werhelling fan de wurden fan Martha, fers 21. Hja beliedt mei har mûle Jezus as de grutte dokter, dy't Lazarus better makke kinnen hie, en bewarje kinnen hie foar de dea. Mar de belidenis fan de Master as de Opstanning en it Libben, klinkt net fuortendaliks út har mûle op, mar wol út har skonken, har fuotten, har knibbels, ja út har hiele dwaan. Maria, hja sprekt net mear fan opstanning, hja docht opstanning.

Maria, de dwaner. Middenmank har fertriet giet hja, yn 'e hichte tild troch Jezus, oerein. Dat is, wat wy strak hoopje te sjongen út Lied 221 :

*Op it wurd, ús oansein út jo mûle,
Ha wy 't deadskleed fan ús lein.*

...

Ut it grêf fan ús fertriet, ús pine, ús lijen, gefolgen fan de sûnde. En wy smite it kleed fan ús fertriet fan ús ôf. Dat docht Maria. Ik tink hjir oan eat, dat ik in tal moannen ferlyn seach. It is no hjerstmis, it wie doe hast maaityd, op de grins fan winter en maaityd. In beam yn 'e winter, hielendal keal, nije knoppen hast noch net te ûntdekken. Op in tûke fan dy beam siet yn de sinne, de wintersinne mar al mei de krêft fan de maaitydssinne, in kleurige flinter. Krekt út har kokon wei dêr't de rûp yn oerwintere hie, foardat hja flinter wurdt. Dy kleurige flinter no fleach it ljocht fan de sinne yn 'e mjitte. Dy smiet it deakleed ôf, de kokon, en kaam ta libben. Op guon tsjerkhôven, fral de wat âldere, sjocht men noch wol ris grêfstiennen dêr't in Kokon yn beitele is, as teken fan de dea dy't it libben yn him draagt. De flinter is dan teken fan it libben dat sterker is dan de dea. Sa smyt Maria as in flinter it fertriet fan har ôf en fljocht se op Jezus ôf, de Opstanning en it Libben.

Maria de dwaner, hja docht de opstanning. En no jo, do en ik. Wy hawwe ienris belidenis fan ús libbene Hear ôflein, faaks jierren ferlyn, of wy hoopje ienris dy belidenis ôf te lizzen, en wy binne dêrnei op wei fia it grut wurden thús, fia it fraachlearen, of faaks dit seizoen fia belidenis – fraachlearen. Dat wie, of dat mei ienris in machtige belidenis mei de mûle wêze. Mar dêr litte wy it dochs net by. Wy geane dochs ek oerein, lyk as Maria, en libje út ús belidenis. Belide bringt dochs ta dwaan ? It beliden fan de Opstiene bringt dochs ta libben as in opstien bern, mei Kristus opstien ta nij libben. Wy bliuwe dochs net yn ús fertriet en yn ús ellinde sitten ? Wy geane oerein en geane de Libbene Hear yn 'e mjitte en litte ús troch Him op de skouders tille. En wy krije útsichten, wy sille libje as minsken mei útsjoch, mei hope, mei takomst. En wis, ik wit ek wol, eefkes letter steane wy wer mei beide skonken middenmank de ellinde, it fertriet. Mar doch dan ek as Maria en fal del oan syn fuotten. Fal del oan de fuotten fan de Opstiene. Nee, dat is net noch djipper weikrûpe tusken de skonken fan de omstanners, dêr't it tsjuster is, en dêr't men neat sjocht. Dat is net noch djipper weikrûpe yn jins fertriet. Mar dat is Him oanbidde, de Opstiene. Dy't alle macht hat om dy yn 'e hichte te tillen. En dat docht Hy altiten wer. Hy nimt dy op 'e skouders, en jout dy útsjoch. Dat is dwaan as Maria, oerein komme, delfalle, wer oerein komme. De opstanning dwaan en sa de Opstiene belide. Mei holle en mei hert en mei hannen.

En dan as lêste : fuort mei dy etiketten en fuort mei it plakken fan etiketten. Etiketten sa as wy dy ek somtiden op leden fan de gemeente plakke kinne. Foarbylden ? Dy, och dy is sa behâldend, dy hâldt alle foarútgong tsjin, dy is nearne foar yn, wol him net sjen. Of : dy is sa progressyf, alles moat oars, ien en al "evangelyske besieling", dy wolle wy wol slite. Of : dy is sa ynaktyf, gewoan net waarm te krijen. Lit mar sitte ... Of, as lêste, dy is sa aktyf, is it net allinne mar dwaan sûnder ien of oar fûnemint ? Ensafuorthinne. De fraach is nammers : hokker etiket soenen jo op josels plakke ? En doe waard it stil.

Fuort dus mei dy etiketten, sa as wy dy earst op Martha plakten, as allinne mar de dwaner en Maria as allinne mar de harkster. Jo binne nea allinne mar belider en jo binne nea allinne mar dwaner. Wis, de ien docht mear yn wurden, de oar mear yn dieden. Mar belide kin net sûnder dwaan en dwaan net sûnder belide. Is dat sa by jo, by dy, by my ? Belide yn 'e mande mei dwaan ? En lit jo dan om ta dit beliden en dit dwaan, altiten wer op it skouder nimme troch de libbene Hear. Fernuverje jo oer it útsjoch dat de Opstanning en it Libben jo jout en tsjûge fan dat útsjoch. Beliid de opstanning en doch de opstanning.

Amen

Tsien Wurden op de meldij fan Lied 117

God seit: Ik bin de Heare
en Ik ferlost dy
út slavehûs Egypte
dus tsjinje inkeld My
en bûch net del foar bylden
Ik bin de ien'ge God
haw earbied foar myn Namme
en hâld fan myn gebod

Op sabbath meist do rêste
My loovje mei dyn sang
dyn heit en mem moast earje
dan libbest sûn en lang
do meist in oar net dea dwaan
brek noait in trouferbûn
do meist net roov'je en stelle
genôch haw Ik dy jun

Sis gjin ûnwiere wurden
gjin fals getugenis
do meist gjin ding begeare
dat fan dyn neiste is
ienkear sil Ik ferskine
en rjocht oer alles dwaan
lit dij dan troch My fine
en dij it libben jaan.